

SELSEVALUAASJE | MUNLINGE DISKUSJE

Namme:	Datum:
Ik siet yn in groepke mei:	
Us diskusje gie oer:	Taal of talen dêr't we yn diskussearre hawwe: <ul style="list-style-type: none"> <input type="checkbox"/> Nederlânsk <input type="checkbox"/> Frysk <input type="checkbox"/> English <input type="checkbox"/>

WAT DIE DE GROEP?

SJENRE-SKAAIMERKEN

- Wie de diskusje in echte diskusje?



1 We hawwe net ôfpraat wat it ûnderwerp wie.

Oan it begjin hawwe we dúdlik ôfpraat wat it ûnderwerp wie.

2 We praten sawat de hiele tiid oer oare dingen as ús ûnderwerp.

We bleaune ûnder it hiele oerlis goed by it ûnderwerp.

3 Ien learling brocht mieningen, foarstellen en arguminten yn.

Elkenien brocht mieningen, foarstellen en arguminten yn.

4 We reagearren net op inoars mieningen, foarstellen en arguminten.

We reagearren op inoars mieningen, foarstellen en arguminten.

5 Net ien soarge derfoar dat it oerlis goed ferrûn.

We soargen allegearre dat it oerlis goed ferrûn.

6 We praten in protte troch-inoar hinne.

We lieten inoar útprate.

7 Ien of twa learlingen wiene hieltyd oan it wursd, de oaren net.

We wiene sawat allegearre like faak oan it wurd.

WAT DIE IK YN DE DISKUSJE?

SJENRE-SKAAIMERKEN

- Wie de diskusje in echte diskusje?



1 Ik help net mei om de diskusje goed ferrinne te litten.

Ik soarge derfoar dat de diskusje goed ferrûn.

2 Ik gie faak oer oare dingen praten as oer ús ûnderwerp.

Ik bleau de hiele tiid by it ûnderwerp.

3 Ik haw myn miening net ferteld.

Ik haw myn miening dúdlik ferteld.

4 Ik haw gjin arguminten by myn miening neamd.

Ik haw arguminten neamd om myn miening te stypjen.

5 Ik haw net op de mieningen en arguminten fan de oaren reagearre.

Ik haw op de mieningen en arguminten fan de oaren reagearre.

TAALGEBRUK en KONTAKT

- Paste myn taalgebrûk by in diskusje?



1 Ik seach de oaren hast net oan.

Ik makke faak en echte eachkontakt mei de oaren.

2 Ik hie gjin aktive harkhâlding.

Ik hie in aktive harkhâlding (knikke, humme, lichemshâlding, ensf).

3 Ik prate net dúdlik en wat sêft.

Ik prate lûd en dúdlik.

4 Myn toan wie hieltyd itselde.

Myn toan wie ôfwikseljend en libben.

5 Ik liet in protte stiltes falle.

Ik prate maklik troch.

6 Ik prate troch in oar hinne om de beurt te krijen.

Ik naam op passende wize it wurd.

○
?

6 Ik brûkte wurden en sinnen dy't myn groepsgenoaten net snapten.

Ik brûkte wurden en sinnen dy't myn groepsgenoaten goed snapten.

○
?

7 Ik kaam net goed út myn wurden en makke in protte taalflaters.

Ik kaam goed út myn wurden en makke net folle taalflaters.

In sterk punt fan myn rol yn de diskusje is:

.....

As ik wer oan in **diskusje** meidoch , dan sil ik better lette op dizze sjenre-skaaimerken:

.....

As ik wer oan in petear meidoch, dan sil ik yn myn **taalgebrûk** better lette op:

.....